

15-1-201

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE : Ineke Feenstra-Sijbesma tel. 9277
 Sytske Dijkstra-Bouwhuis tel. 2968
 Richtje Speerstra-Bakker tel. 2635
 Phun van den Berg-Blokker tel. 4056
 Rients van Buren tel. 9280

TYPEWURK: Gjettje Dijkstra-van der Veen
STENCILWURK: Redaksje

OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea

REDAKSJE/ADRES: Ineke Feenstra, Singel 2,
 8765 LL Tsjerkwert.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 85.68.29
 t.n.v. Rabobank Bolsward rekno.
 3087.56.800 t.g.v. It Skieppasturtsje,
 Tsjerkwert.

FOARWURD:

Bêste Lêzers,
Eltse dei lêze wy yn 'e krante en hearre wy tidens
it nijs op radio en televyzje, oer de tryste tastân
yn it Golfgebied.
De earste wike nei it útbrekken fan 'e Golf-oarloch,
seagen we de heale dei nei de t.v. of hearden we nei
de radio, no "went" dit nijs oer oanfallen, scudra-
ketten en gasmaskers al. De bangens fan de minsken
dêr sil nea wenne en sil ek nea ferjitten wurde.
Litte wy mei harren hoopje dat dizze oarloch net
lang mear duorje sil.

Hawar, no nijs út ús eigen doarp, want dizze Skieppe-
sturt stiet wer fol mei: aktiviteiten fan 'e ôfrûne
twa moanne. Allerearst tinke wy hjirby oan it prach-
tige iis.

De iisbaan is iepene en it iis lei der skitterend yn.
Hoewol it soms snijende kâld wie, waard der in soad
riden. Letter waard der útwykt nei de Trekfeart, mei
omdat dy mear yn'e lÿte lei. De iisferiening hat
tige syn bêst dien, troch in soad wedstriden te
organisearjen. Sels de beukers, dy't noch nea redens
ûnder hân hiene, fleagen al omraak.

De Skieppesturt.

Nijjiersdei is wer de tradisjonele Skieppesturt
útrikt foar dyjinge, dy't him (har) it meast ynset-
ten hat foar doarp en mienskip.

(Schakel syn wurden: de hoogste dorpsonderscheiding)
Dizze kear wie de Skieppesturt foar: Renske Bakker!
Sa te hearren wie it hiele doarp it dêr wol mei iens.
Altyd warber, in lûsterenjend ear foar eltsenien.
Nea op 'e foargrûn, altyd as "stille" krêft.
Fertsjinne Renske!


As lêste woe ik jim noch efkes wize op ús wikselbeker,
dy't útrikt wurdt foar it earste ljipaaï.

Nou leit it iis noch yn'e sleatten, mar oer sa'n trije
wike, rinne we alwer te aaisykjen. Witte jimme noch
wol dat Tsjalke v.d. Meer ferline jier it earste
ljipaaï fûn op 15 maart!

Doch jimme bêst en as jim wat fine: skilje daliks
ien fan 'e redaksje.

Wa wit is de beker no foar dy!

Graach nije kopy foar 15 april by ien fan 'e redaksje,
en jou ek ris in snypsnaarke troch. Jo hearre dochs
ek wolris wat!




Sytske.

Achte oanwêzigen,

Wy fan de redaksje
Komme no yn aksje
Op dizze feestlike nijjiersjûn
Bin' wy as Skieppesturt ferbûn

Folle lok en seine,
Foar dit farske nijejier
Trije tuten op syn minst
Untfange we allegear blier

We brâne der wer yn
Mei in 14e sturt
In oarkonde fan formaat
De striid wie hurd om hurd.



470 Skieppesturten
Hiene we by de kop
Se wiene allegear bêst
Mar ien stie oan'e top.

Wa, wolle jim wol witte:
Sa nijsgjirrich as in âld hin
De strik lit we noch efkes sitte
foar in oarderlik ferrin

We litte se de revu passearje
13 sturten yn getal
Die wolle we ek noch efkes earje
Yn ús pommeranten útstal

Jan Blanksma wie de earste
Freark S. kaam twa kear oan bar
Ek Gurbe B. en Jelte Speerstra
Skoalbestjoer; Brand Volbeda

Thea Dam, Hylke Feenstra.
Jan Dijkstra, Akke en Hein
Allegear wiene se och sa fereare
En besûnder tige optein

Jelly en Janny mei har twaën
En dan de lêste fan dit "listje"
Wie in hiele ploech:
De restauraasje-kommisje

Dit jier is't in solist
In bezich bijke op twa fuotten
In reputaasje fan formaat
Dêrfoar nimme wy ôf ús huodden

De soarch foar berntsjes en foar kninen
Is har wol tabetrout
De siken yn't ferline
Der wie se hast mei troud.

De jacht op in dûmny
Is in hobby sjoch
5 jier yn'e tsjerkerie
Hat se mei glâns folbrocht.

Sietske de Jong, Haije Hinke
Allegear set se se yn'e krol.
Foar al dy lytse gewoane tsjinsten
Tankje we har gol.

En dan dy Ford Fiësta
Goed gas yn'e bocht
Hy rint op kâld wetter
Wa hat se der al net mei nei de stêd ta brocht.

Wa soe it wêze
Jim tinke al wakker
We sizze it no
It is : RENSKE BAKKER.

De topper fan nijjiersjûn 1991.

Yn it Waltahûs waard de Skieppesturt fan it
jier 1990 útrikt oan my.
It wie in ûnferjitlike jûn.
Ik fernaam it doe't it gedicht foarlêzen waard.
Ik sei: "O, dat bin ik." Wat der op sa'n momint
troch jo hinne giet, is net te sizzen.
Je steane "sta". Foar al dy lytse dingen dy't
je dan dogge foar it doarp, wat ik dochs hiel
gewoan fyn, ha ik dit skitterend gebaar
geweldich wurdearre.
En dan de réaksjes dêrop. De oare deis stie
by ús de telefoan readgloeënd.
Wat noch in lokwinken, presintsjes en kaarten.
Al dit meilibjen, tidens en nei dit feestlik
barren, hat my tige goed dien.
Doarpsgenoaten, allegearre tige tank.

Groetsjend

Rens Bakker.

Dit paard kreeg
de haver die
het verdiende.



BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPER.

Het jaar 1990 is voorbij en wij namen afscheid van een jaar met de zachtste winter sinds 1706. En het was een jaar dat kon worden opgetekend als de warmste van deze eeuw.

Ook de advent behoort alweer een aantal weken tot het verleden en de kerstliederen zijn al voor een deel verklonken.

In de avond van de 1ste jan. in het plaatselijk etablissement het Waltahûs werden vraagtekens om 22.00 uur uitroepetekens toen Renske Bakker de hoogste dorpsonderscheiding die wij hier kennen =De Skieppesturt= kreeg omgehangen!

En.....verdiend!

Vervolgens is alles nog zo als het op de 1ste dag van 1991 begon???

Toen wij elkaar in de armen vielen met onze vrome wensen die bij dit jaarlijks ritueel horen zoals gelukkig nieuwjaar en folle lok en seine. Maar bij dit alles sluit ik niet uit dat wij misschien eens wat meer de daad moesten voegen bij genoemde wensen.

Den Haag vandaag en gisteren:

Het is onvoorstelbaar hoe minister Kok en minister Lubbers het land regeren. De regeringsakkoorden worden door hen met de voeten getreden om toch maar de iets verlate tussenbalans(sept 1990) aan de kiezers te presenteren. Aan de minister van Financiën heeft hij een dankbare snelle leerling die zich dan ook als een vis in het troebele water van de vijver grenzend aan het Binnenhof voelt! De tussenbalans zal dan ook geen zalvende kanselboodschap zijn.! En min. v.d. Broek zijn gemoed lijkt regelmatig over te lopen. Zijn uitleg bij de Golf-crisis is eerder prekerig dan zakelijk. Wat mij doet denken aan de scheurkalender bij mijn ouders waar op stond: Er zijn veel woorden en dingen waarvan de kennis weinig of geen nut heeft!

Tenslotte. Nu de Balten met hun vrijheidsstrijd begonnen zijn, laat de Ned. regering, die altijd zo graag het geweten van de wereld wil zijn, het groten-deels afweten. Bevreesd als ze zijn om zich in Gorbatsjovs binnenlandse aangelegenheden te mengen. Tot zover Den Haag vandaag.

In de vierde week van de Januari maand vierde ik mijn 71 ste verjaardag. Maar het is niet vanzelfsprekend dat je dan in de archieven van het dorp wordt geborgen Als geest en gezondheid het nog mogelijk maken laat het dan nooit een kleurloos voortkruipen worden van ochtendgloren naar avondschemering. Veel dank als nog die een verjaardagskaart stuurden.

Eertijds. In de 7de jaargang en dan in nr.2 schreef ik; Wat er was en..... verdween van de plaatselijke middenstand alhier over de afgelopen 50 jaar zoals ik mij dat herinnerde.. Die, zij het door overlijden, gebrek aan opvolger, naar elders vertrokken, of om reden dat de kosten bleven stijgen en de baten op hetzelfde niveau bleven met als gevolg dat zij de zaak maar gingen sluiten. En dat dan ook niet met een daverende klap ging maar..... vaak met een matte zucht En over deze lieden zal ik in het volgende nummer nog eenmaal schrijven! Vooral lijkt het mij voor de mensen die de laatste jaren hier kwamen wonen, iets van de historie van het dorp te laten weten. Tjerkwerd is nl. rijk aan historie.

En daarom zal ik op verzoek rondleidingen doen aan de nieuwe bewoners van de laatste jaren die zich hier gevestigd hebben die dat wensen. Het tel.no. v.d. Dorpsomroeper is 9243 evenals voor al uw andere opdrachten!



En ook zal het winterlandschap weer plaats maken voor het a.s. voorjaar.

De 6e maart a.s. Provinciale Statenverkiezingen waar de ene partij een oorveeg van de kiezers zal krijgen en de ander zijn geluk niet op kan.

Nadien zullen alle kievitseieren weer worden gevonden en geraapt! En op de 23ste maart gaat de 9de Elfsteden-Surftocht langs ons dorp.

en ik hoop ze waardig te begroeten en ze een behouden aankomst toe te wensen. En een week later de laatste zondag van de maartmaand en de eerste maandag van april is het Pasen. Daaraan ging de stille week vooraf, via de maaltijd op Witte Donderdag, het zwart van Goede Vrijdag en het kruisig Hem eindigt in de stille zaterdag. En dan het aanbreken van een nieuwe dag!

Een dag die talloze mensen in hun leven, lijden en sterven tot troost is geweest!

Tot zover ditmaal in deze 76ste bijdrage.

En wederom van huis tot huis de hartelijke groeten van

de Dorpsomroeper.

=====



DORPEN ZAALVOETBALTOERNOOI: TJERKWERD BOPPE!

In het kader van het jaarlijks dorpen-zaalvoetbaltoernooi vaardigde Tjerkwerd op zaterdag 19 januari een ploeg af naar de sporthal in Makkum.

Op papier had Tjerkwerd aanvankelijk een team van 7 personen staan, maar 10 minuten voor aanvang van het toernooi bleken 2 mannen niet mee te kunnen doen.

(Harm Posthumus was geblesseerd en Rutd Hartog bleef om een onduidelijke reden weg.) Door deze tegenslag moest Tjerkwerd met een zéér krappe selectie van 5 personen het zaalvoetbaltoernooi afwerken.

De vijf spelers in kwestie waren: Rudi Mekking, Eric Velting, Jelle Feenstra, Marcel de Haan en Broer Feenstra.

Terwijl alle andere tegenstanders met gemiddeld 7 á 9 personen in het strijdperk traden en daardoor naar hartelust konden wisselen, diende het Tjerkwerder kwintet noodgedwongen alle wedstrijdminuten te spelen. Sober spelend en op de counter gokkend bestreed Tjerkwerd de 1e tegenstander Gaast/Ferwoude. Met een 3-0 overwinning werd deze wedstrijd afgesloten. Vervolgens stond de zware partij tegen titelfavoriet Schettens op het programma. Schettens zette Tjerkwerd onder zware druk. Uitstekend keeperswerk van Rudi Mekking en de paal hielden de tegenstander echter van scoren af. Met nog 10 seconden te spelen zetten Eric Velting en Jelle Feenstra een messcherpe aanval op, die de gehele verdediging van Schettens verraste. Jelle gaf het laatste tikje, 1-0. Een sensationele overwinning! De meeste ploegen oogden na 2 wedstrijden nog vrij fris dankzij het ruime spelerspotentieel, maar bij Tjerkwerd begon de vele arbeid zich al enigzins te wreken. Tegen de volgende tegenstander Parrega gooide Tjerkwerd de hele trukendoos open. Hoewel veteraan Auke Koopmans zich de longen uit het lijf liep en zijn ploeggenoten wanhopig "Lit jim net sa dolle" toeriep, walste Tjerkwerd met liefst 8-0 over de Parregaasters heen. De ene goal nog mooier dan de ander en technisch goed verzorgd voetbal. Vervolgens struikelde Tjerkwerd over Schraard. Vermoeidheid en een zekere matheid heersten in het Tjerkwerder team. Na een 1-0 voorsprong verwaarloosde de ploeg de verdediging wat al te veel. Keeper Rudi vocht als een leeuw en wist zijn doel nog lang schoon te houden maar de druk werd uiteindelijk te groot. Schraard won met 3-2. Ietwat teleurgesteld droop Tjerkwerd af. Alles hing nu af van de wedstrijd tegen Wons. Deze ploeg had nog geen enkele wedstrijd in het toernooi verloren en had aan een gelijkspel genoeg tegen Tjerkwerd. De spanning in de sporthal was voelbaar toen Wons en Tjerkwerd aan hun wedstrijd begonnen.

Tjerkwerd moest beslist winnen om nog kampioen te kunnen worden. De kleine supportersschare van Tjerkwerd, bestaande uit Nynke Lammers, Jan Blank-sma, Henny Boersma, Thea Blanksma en Richtje Boersma liet zich luidkeels horen tijdens de partij.

Het oververmoeide Tjerkwerd besloot zo zuinig mogelijk met de laatste krachten om te springen.

Het duidelijk nerveuze Wons liet zich al na 1 minuut verrassen door een prachtig doelpunt van Jelle, 0-1.

Vervolgens nam Wons het initiatief en scoorde tweemaal. Tjerkwerd liep nu op het tandvlees en Wons had de partij in wezen rustig uit kunnen tikken.

Men bleef echter onrustig spelen en dit speelde "de onzen" in de kaart.

Twee prachtige aanvallen resulteerden in een 3-2 voorsprong. Vanaf de tribune leefde Jan Blanksma fel mee, want zijn taktische aanwijzingen galmden herhaaldelijk door de sporthal.

Marcel de Haan (inmiddels befaamd om zijn mooie "sleepbeweging") wist met een fantastische lob vanaf de middenstip bijna nog te scoren, maar de bal ging via onderkant lat het veld weer in.

Door het spel flink te vertragen en op het juiste moment tijd te rekken, wist Tjerkwerd het einde te halen: Het kampioenschap was binnen!

Vijf kilo lichter en twee bekens rijker verlieten de vijf Tjerkwerder musketiers juichend de zaal.

Een formidabele prestatie was geleverd door een team dat als een hecht collectief had gepresteerd.

Eindstand dorpencompetitie: 1. Tjerkwerd 2. Wons
3. Gaast/Ferwoude 4. Schettens 5. Schraard 6. Parrega

!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!!

STICHTING "IT WALTANUS"

Sûnt 1 jannewaris 1991 is der wer in feroaring yn it bestjoer. Us "good-old" skathâlder Jehannes Huitema hat nei sa'n 18 jier de sinteraasje oerdroegen oan ús nije bestjoerslid Jaap van Lingen. Jehannes hat hiel wat ups en douns yn it Waltahûs

meimakke. Ien ding wie bjusterbaarlik oan Jehannes de kas kloppe altijd op 'e sint en dat yn tiden dat der gjin sinten mear wiene. Jehannes betanke foar alle wurksumheden foar it Waltahûs; Jaap wolkom yn it bestjoer en dat it Waltahûs-kaptaal(tsje) ûnder dyn lieding groeie en bloeie mei.

It Bestjoer.

TSJERWERTER TOANIEL

We binne wer los!

Op 9 maart o.s. sil toanielspyljend Tsjerwert foar de fuotljochten trede.

De ynwenners fan de útbuorrens bringe de ienakter: "Op 'e knibbels" û.l.f. Rixt Speerstra. Der dogge ferneamde akteurs en aktrises mei.


Wat tochten Jo fan:

Piet Tolsma	Tine Miedema	Sjoerd Breeuwsma
Hayo Hylkema	Jelte Speerstra	Hannie Gaastra
Jeannet Volbeda	Marijke Dijkstra	Lammy Burghgraeff


It "doarp" spilet de ienakter "Mem har kreaste" û.l.f. Jan Dijkstra. De spilers fan dit stik binne: Joke Schukken Jan Blanksma Jaap van Lingen Betty de Haan Louw de Haan Jan Dijkstra Anne Dam

Wy hoopje dat it in "âlderwetske" doarpsjûn wurdt en wy rekkenje op SNEON 9 MAART op in folle seal! It begjint 8 oere.

Fansels is der nei ôfrin gelegenheid om te dûnsjen û.l.f. Bobby Bekema.



Rikst-Nynke Schakel
 't wie in merakel....
 en...
 Sjoerd
 die't ek mar goed!



Nei alle brette kalkoenen woe't omraak sjoele op tongersdei 27 des. Sa tsjin achten rûgelden der aardich wat dielnimmers troch de Waltahûs-doar, bliid werris efkes yn aksje te kinnen nei de sneinen.

De lytsere dielnimmers sjoelden op 'e gewoane en de grutteren op 'e reuzesjoelbak.

20 dielnimmers besochten op 'e gewoane sjoelbak de lytse houtsjes yn de 1,2,3 of 4 te skowen.

Dat slagge Rikst-Nynke Schakel it bêst.

Se helle yn 4 beurten 95 pnt. wat goed wie foar de 1ste priis; in taart en in pûde snobbersguod om ûnder alle dielnimmers te ferparten.

Maria de Boer gyng it ek mar goed ôf. Sy helle mei 90 pnt. de twadde priis.

Der moast fochten wurde om it tredde plak troch broer en suster Kootstra, want se hiene beide 89 pnt. Broer Freark moast it úteinliks ôflizze tsjin syn suster en sa kaam Lisette mei de 3de priis thús.

By de reuzesjoelbak gyng it gâns rûger om-en-ta. De sjoelhouten sa grut as itersboarden waarden mei gang fan 'e iene kant fan it Waltahûs nei de oare kant slingere.

Fan 'e dielnimmers wiene der 10 dy't yn 2 beurten boppe de 50 pnt. kamen.

De trije heechsten, Sjoerd Breeuwsma (97 pnt) Robert Tiesma (80 pnt) en Tony Witteveen (77 pnt) moasten noch in kear tsjin elkoar.

Sjoerd helle der 28 pnt. by en kaam op 125 pnt.; de 1ste priis. Robert skoarde noch 12 pnt. en kaam dêrmei op 92 pnt.; de 2de priis.

Tony Witteveen wist der ek noch 12 pnt. by te krijen en wûn de 3de priis mei yn totaal 89 pnt.

Oer 10 moanne is't wêr sa fier!

Doarpsbelang R.S.

BERJOCHTEN FAN DOARPSBELANG TSJERWERT E.O.

- * Op ús jiergearkomste op 11 jannewaris l.l. ha wy it hân oer de wenning oan'e Tsjerkestrjitte, dy't al in skoft leech stiet.
Doarpsbelang wôl prebearje, dizze wenning bewenber te krijen. Om dit klear te krijen hat it bestjoer kontakt socht mei it FLD (Feriening foar lytse doarpen) Dizze feriening kin der mooglik foar soarje, dat dizze wenning net al te djoer oankocht wurde kin en soe ek begelieding jaan kinne by it oanfreegjen fan allerhande subsydzjes.
Gadingmakers kinne kontakt opnimme mei L. Huisman tel. 9497. Doarpsbelang sil help jaan by it lizzen fan kontakten.
- * Ek n.o.f. de jiergearkomste kinne wy jim meidiele, dat Frans Mulder, de korrespondint fan Tsjerkwert e.o. wurden is. Hy kin foar foto's en/of stikjes soargje. Ha jo en/of hat in feriening wat nijsgjirrigens te melden foar de krante, dan kin der kontakt mei him opnommen wurde (tel. 9143).
- * Fierders noch it folgjende;
op ús lêste gearkomste as bestjoer ha wy it hân oer it behear fan it sportfjild.
Foar it behear dêrfan moast in oplossing fûn wurde; der is nammentlik gjin offisjele sportferiening mear yn Tsjerkwert.
It bestjoer, hat besletten, dat it behear fan it sportfjild ûnder doarpsbelang falle sil.
- * Ta beslút: As der minsken binne, dy't noch in videobân ha wolle fan 'e reuny yn 1987, dan kinne dy te lânne by L. Huisman, tel 9497.
Hy hat de "moederband". De kosten binne f. 50,00.



Het Verzorgingshuis "Teatskehûs" zoekt drie

WEEKENDHULPEN

voor vier uur per dag, die bij toerbeurt
een weekend werken.

Functie-eisen: goede contactuele eigenschappen
de nodige werklust
goed zelfstandig kunnen werken

Functiegegevens: de werkzaamheden vinden o.a.
plaats in de recreatiezaal en de keuken.

De werktijd is van 9.00 - 13.00 uur.

Salariëring e.d. volgens de C.A.O.-Bejaarden-
tehuizen. Ingang dienstverband: half april.

Voor nadere informatie over deze vacature kunt
u contact opnemen met mevr. A. Posthuma-Los,
tel: 05157-9345 op werkdagen tussen 8.30 -
en 13.00 uur.

U kunt uw schriftelijke sollicitatie voor
13 maart a.s. richten aan: Dhr. A. Klarenbeek (dir.)
Verzorgingshuis Teatskehûs
Vitusdijk 2
8615 LM Blauwhuis.

FAN IT PJUTTEHONK

Gesprekje tusken Hille de Jong (3) fan 'e feerider
út Parregea en juffrou Rixt.

R: Wat sil ik ris opskriuwe?

H: Hille en lammetje.

Mei in lammetje boartsje.

R: Ha jim ek in geit?

H: Geit ek noch,

Koke ek noch,

K K K Kyp.

R: Lizze se ek aaien?

H: Nee, se lizze k k k kypen

Sjerp-Jan komt by ús.

Dat wol er sa graach, sjoch!

En Sinteklaas ek noch.

R: Hast Sinteklaas al sjoen?

H: Ja.

R: Wat sei er?

H: K k k kyp

R: Wat foar kleur hat de kyp?

H: Read alle 4 read. Alle 4 read

Se ha reade poaten

In hûntsje ek noch. Read en grien.
awawaf

We ha ek noch in hynder

R: Ha jim ek in poes?

H: Ja

R: Hoefolle?

H: 1, 3, 4, 5, 3

R: Ha jim ek mûzen?

H: Ja we ha ek mûzen 1, 3, 4

R: Wat docht jim heit mei de mûzen.

H: Oan 'e sturt lûke

R: Wat docht jim mem mei de mûzen?

H: Ek oan 'e sturt lûke

R: Ha jim ek ratten?

H: Nee, nee, nee

In motor

We ha ek in fyts en in trekker, in blauwe trekker.

Der sit net in toeter op

We ha ek noch p.p.p.poaten



Sjerp-Jan hat p.p.p poaten 4,5,3,9
 Dan draaft er nei hús.
 Sinteklaas hat in read hynder
 in read, read hynder.

R: Ha jim ek in frachtauto?
 H: Ja, ja, ja
 R: Wat moat dêryn?
 H: Kipen, kipen.
 R: Ek wat strie?
 H: Dêr moat hynders op sliepe
 Hûntsje op sliepe
 "Broodje Poep" ek noch
 R: Lesto dat wol?
 H: Dat is fys
 Ik les wol boterkoek
 We ha ek noch knyntsjes
 We ha ek noch stront yn'e auto
 Fan 'e kyp
 R: Stjonkt it ek?
 H: Ja, ja, ja
 Heit moat de auto skjîn meitsje
 Mem moat de auto skjîn meitsje



=====


Tjerkwerd, 8 januarie 1991

Hiermede wil ik iedereen heel hartelijk bedanken
 voor de getoonde belangstelling, het medeleven,
 de vele kaarten en het fruit, dat ik tijdens
 mijn verblijf in het ziekenhuis als zowel thuis
 van u mocht ontvangen.
 Dit alles was voor ons een hele grote steun.

Ook namens mijn vrouw: allen heel hartelijk dank.

Singel 26.

E. Bouw.



EENSGEZINDHEID:

Op 23 maart sil muzykferiening
"Eensgezindheid" wer har jier-
likse útfiering hâlde de jûns
om 8 oere yn it Waltahûs ûnder
lieding fan ús nije dirigent
Roelof Bakker.

Hy stiet no 3 moanne foar it korps en is fan plan
om in sawat hielendal nij program op 'e útfiering
te jaan.

Fan hast alle muzyksoarten kin men dan wat hearre,
fan Amadeus Mozart oant Whitney Houston ta.

Nei it skoft fan dit konsert is der de twa-akter
"Heibel op Galama stins" brocht troch leden fan 'e
KPJ en de ABTB fan St. Nyk.

Dit fleurich blijspul belooft hiel wat te wurden.
Eensgezindheid is it ôfrûne jier inkele leden kwyt
rekke dji't ergens oars hinne gien binne te learen.
Graach soene we sjen dat dizze gatten opfuld waarden
troch minsken út it doarp dy 't froeger blaasd of
muzyk leard hawwe of it wol leare wolle.

Ek is der op it heden dringend ferlet fan in drummer.
De repetysje is altiid op moandei-te-jûn en tige
gesellich. Belangstellenden kinne harren opjaan
by it bestjoer, wat er no sa út sjocht:

Siety Wiersma , foarsitter
Evert Bakker , skriuwer
Niek Galama , skathâlder
Minke v.d.Schaaf, bestjoerslid
Nico Postma , bestjoerslid

Oant sjen op 23 maart!!!!!!



Evert Bakker-Arkum.

IJSPRET.



Eindelijk hadden we weer eens ijs.

En wat erg mooi was we konden de ijsbaan voor het eerst in gebruik nemen. Hij is officieel geopend op 16 januari 's middags $\pm$ 2 uur.

De kinderen gingen met z'n allen door een lint.

Ze zijn deze middag getrakteerd op chocolademelk en een mars. We kregen een kist mandarijnen van Bosma Bolsward aangeboden, zodat deze ook verdeeld zijn. Donderdagmiddag heeft de school met de kinderen een mini-elfstedentocht gehouden.

Vrijdagavond 18 januari was er estafetterijden-er deden 33 deelnemers aan mee.

Uitslag: 1e. Joke de Jong- Jan Postma- Peter Bakker

2e. Foekje Bakker- Ids Schukken- Niek Galama.

Deze winter heeft maar een paar dagen geduurd.

Begin februari was er weer winter.

Jong en oud konden hun weer uitleven op het ijs.

Dinsdag 5 febr. wedstrijden vanaf de lagere school t/m 15 jaar.

Meisjes: 1e Allette Haarsma, 2e Nienke Nauta, 3e Ineke Haarsma.

Jongens: 1e Steef Haarsma, 2e Sjoerd Huisman, 3e Durk Ouderkerken.

Woensdagmiddag 6 febr. de schoolkinderen; het was erg koud maar ze konden hun regelmatig even opwarmen bij Joop en Akke Nota. Ze hadden het lekker warm in het kerkje, en de chocolademelk kon hier warm gemaakt worden.

Uitslagen: gr.1 en 2:1 Auke Walsma , 2 Bert-Jan Ouderkerken, 3 Marten Hylkema

gr.3 en 4:1 Hans Haarsma, 2. Sjoerd Wijn-
gaarden, 3. Jelte Steur

gr.5 en 6:1 Jelmer de Boer, 2. Tineke Schuk-
ken, 3. Welmoed Schakel

gr.7 en 8:1. Tjeerd Haarsma, 2. Rixt-Nynke
Schakel, 3. Nellie Haarsma



Maandagavond 11 febr. weer wedstrijden:

Dames tot 30 jr.: 1. Sjoukje Hylkema, 2. Thea Zijsling
3. Janneke Gietema.

Dames boven 30 jr: 1. Lucie Schakel, 2. Griet de Boer,
3. Trudy Witteveen.

Heren tot 35 jr.: 1. Frans Mulder, 2. Peter Bakker,
3. Niek de Boer.

Heren boven 35jr: 1. Johan Velting, 2. Ids Schukken,
3. Hille Schakel

De 1e prijswinnaars hadden natuurlijk ook de wisselbeker.

Donderdagavond 14 febr. verandering van spijs doet..... sledewedstrijden; weer eens iets anders .

Nu waren er ook bij, die met de gewone wedstrijden niet meededen.

De heren in de slee en de dames rijden en duwen, en op het einde wisselen, en op de terugrit dus de dames in de slee. Soms ging er eens iemand wat scheef de sneeuw in, die mocht dus even sneeuw happen.

Het was voor sommigen erg "dreech", want er moest nog wel eens opnieuw gereden worden na kampritten.

Toch was het wel leuk.

Uitslagen: 1. Jelle en Thea Zijsling

2. Reinold Poelstra en Akke Nota

3. Niek Galama en Grytsje Steur

We willen langs deze weg Joop en Akke Nota nog eens hartelijk bedanken voor de gastvrijheid, en gebruik van het kerkje, warmte, w.c. en koffie.

Het was op de ijsbaan veel te koud, maar op de trekvaart was het soms ook nog koud, dus het was prachtig van jullie aanbod gebruik te mogen maken. Geweldig.

We hopen op nog eens een mooie winter, dit jaar misschien niet meer, maar dan volgend jaar, en dan hopelijk ook op een tocht, want dat wou dit jaar niet lukken.

Ijsvereniging.

gr. Johanna Bakker.



Bydragen binne kommen fan:

R. Steur, Sylroede; Gebr. Gaastra, Parregea; T. Gaastra Boalsert; S. Buwalda, Snits; Frou S. de Jong, Waltawei; Frou B. Kuipers, Singel; F. Reidsma, Ljouwert; M. Huitema, Jousterpwei; Frou Witteveen-Andela, Boalsert; J. + S. Huitema, Singel; Frou Walsma- de Boer, Boalsert Frou J. de Jong; Drachten; S. Gietema, Himdyk; E. Bouw, Singel; Y. Schakel, Allingawier; J. Visser, Dedzjum; Frou Koopmans, Waltawei.

tige tank.

////////////////////////////////////



Oan alle ynwenners fan Tsjerkwert.

Wy woene jimme noch graach efkes trochjaan, dat de opbringst fan 'e listen foar it bernekrystfeest f. 848,-- wie.

Dit wie geweldich. De boekjes en alle oare bykommende kosten koene hjir fan betelle wurde.

Allegear tige betankt!!!

Ut namme fan 'e skoalle en de tsjerke
Coby Hofstra-Draaijer.



////////////////////////////////////

Een kilometer voorbij de Van Panhuysbrug,
vond Brutus zijn baas weer terug.


En al wordt er dan niet meer gemolken,
Wij zijn in de wolken.

Want als je op de mooiste plek van Tjerkwerd woont,
ben je meer dan koninklijk beloond.

O ja, met het oog op het naderende voorjaar nog even
een verzoek aan de fanatici in ons lieflijk dorpje.
Eierzoeken mag, op voorwaarde dat het plegen van
enige nazorg net zo gepassioneerd wordt bedreven als
het bakken van pas geraapte kievitseieren.

Jelle Feenstra en Nynke Lammers
Jousterp 6
Tjerkwerd.

PJUTTEHONK SNYPSNAREN



- * "Wat hasto in grutte banaan!"
Ben Knol (3) : "Dât is gjin banaan, dat is in joekel!"
- * Lytse Catharina Kuipers (3) seit: "Wat dochsto mei dy skytroilen?"
- * Deselde Catharina poept in lyts keuteltsje.
"Oh, no is er fuort, hy is yn it gatsje fallen.
Hasto him wol sjoenen?"
- * Hanneke Buma (no 4) hat genôch fan tekenjen.
Se besiket wolris Frysk te praten: " Juf, ik bin klier."
- * "Hoe hjitsto noch mear Geartsje (3)?"
"Geartsje Grote meid."
- * "Wat moatsto kuchelje, Hinke!"
Hinke (3): " Dat is net ècht kucheljen, dat komt omdat ik in fierstente grutte slok naam."
- * We sitte te iten.
"Giest ek efkes sitten, Hinke (3)?"
Hinke: "Oh, sorry hear!"

BOARGERLIKE STAN:

- * 21 jannewaris krigen Piet en Binie van Zuiden-Haarsma in jonkje. Sy neame him Thomas. Broer Cor sil it wol tige moai fine.
- * Yn Bloemkamp te Boalsert is ferstoarn Bouwe Feenstra.



S N Y P S N A R E N

- * Anno G. wûn lêsten in meter bier.
We mienden oars dat sok focht yn liters oanjûn waard
- * Dieverij op Ymswâlde!
Zandzakken voor de deur!
- * Warskôging: Doarren mar wat op't slot, de buit
sil wol hast wer op wêze.....
- * Pier B. tocht dat Lammy ôfweefde mei in ynslûper,
sa naaide it der út doe't er om kofje soe.
Mar.....Lammy oefene foar 9 maart en siet goed
yn'e rol.
- * We ha heard dat Pier doe dochs mar
sa'n 10 leden fan 'e Nederlânske
elite-troepen op it hea stasjoneard hat,
mar as se noch yn steat wiene volk en
vaderland te ferdedigjen is de fraach.
- * Winter '91. **VEILIG RIJDEN**
Willem en Yde Sch. makken in slipperke
op 'e Angterperleane. Doarren iepen,
beide mannen derút: bestjoerswikseling!
sa heart it ek: Heit efter it stjoer.
- * Henny de W. stie mei de hannen yn 't hier, doe't de
auto har mei de kjeld (tocht se) sitte liet.
Eerst denken dan doen, Henny!
Handboek soldaat seit:
1. Kin it gas op wêze?
2. Is de reserve brânstof ek op?
Zo jâ, dàn pas de trekker út it hok helje.
- * Isolare: Anno H. docht it mei strie.

WAT SEIST MY DÊR?



- * **JELLE** en Nynke wenje noch mar krekt op Feenstra's pleats.

Mei de winter rekken de liedingen lek en ûntstiene der de hiele pléats troch spontaan fonteintsjes. No't de gebouwen dochs oan 'e lânbou ûntlutsen binne, soe der moai in iepenbiere dûsegelegenheid starten wurde kinne fansels.

VOCHTPROBLEMEN

- * Mei de winter die wol bliken dat der yn'e omkriten fan Tsjerkwert gjin boeren mei swarte molke sitte, oars hiene se der wol mei op it iis stien om it brún te meitsjen.



- * It fernyn sit yn'e sturt. Theo H. ried mei gemak de 5-doarpen tocht, hy seàch gjin barst.

Mar in lyts skuorke yn it iis fan in lânsleatsje, fuort by hûs, soarge foar in harsenskodding.

- * Winterskea by Phün: 1 krat Victoria-bronwetter. Phün, der hie "anti-vries" yn moatten.

- * Tsjebbe G. wie okkerdeis al betiid nei de feemerk tein. Op 'e weromreis gyng it him krekt as in boer ûnder de preek: hy waard slûch. Blykber wie dat oan syn riden te sjen. Twa patrûlerjende plysjes holden him goed yn'e gaten en fregen assistinsje fan noch 2 kollega's. Mei syn gefolch ried Tsj. it hiem op. Drank? Drugs? Nee, gewoan slûchte!

- * Regeren is vooruit zien. Sjoerd en Hanny sille nei Kanada yn septimber.....'92

- * Rikst-Nynke S. en Sjoukje D. woene fan 'e CAF winkel troch de doar nei de wurkplaats.
Der siet gjin kruk oan'e doar, dus mar triuwe.
En ja, fan ûnderen gie der wat iepen.
Dus triuwe út alle macht, oan't se der krekt ûnder-troch glippe koene.
Man út 'e wurkplaats:" Hiene jimme de doar net better even iepen skouwe kinnen?
It wie in skoudoar!
- * Yn 'e foarjiersfakânsje soe Joost H. ferhuze wurde nei Doarn. De ynboedel kaam op in karre.
It folge trajekt waard, krekt as by "Klein Duimpje", oanjûn troch húsrie, dat út en troch fan'e karre rûgele.
Alles is werom fûn, op Joost syn dekbêd nei.
Wat wolle jo ek mei sa'n kjeld!
- * Dejinge dy't no ûnder dât dekbêd leit moat mar foarsichtich wêze; Joost hat krektlyn de "swarte bân" helle.
- * Stâl Ydema" is no "Dekstasjon Swierstra".
- * Snypsnaren foar 15 april op telefoannûmer 2635.

AGINDA.

Sneon 2 maart fan 10-17 oere -iepen dei- nij dekstasjon fan maatskip Swierstra/Swierstra en Oostenbrug Tsjerkwerterdyk 4 Boalsert.

Sneon 9 maart toanieljûn mei eigen doarpsgenoaten yn twa ienakters oanfang 8 oere.

Sneon 23 maart útfiering "Eensgezindheid" jûns 8 oere yn't Waltahûs.

